



PROJECT CREATIEVE EGELVRIENDJES IS DE TÚN STIKELBAARCHFREONLIK?

BRÛK DIZZE TSJEKLIST OM DÊR RIS GOED NEI TE SJEN:

☐ Bledsjes, bledsjes en noch ris bledsjes

Stikelbargen hâlde in soad fan rommelige hoekjes yn 'e tún. Hjir winkelje se foar de ynrjochting fan harren nestke en foar ynsekten om lekker op te peuzeljen. De blêden kinst sammelje yn in selsmakke tipy. Trije of mear stokken setst tsjininoar oan en bynst oan 'e boppekant fêst mei tou. Fan stiennen en planken kinst in oerkaping foar stikelbargen meitsje yn de tipy.



☐ Kinne stikelbargen de tún eins wol yn?

Oars kinst yn it sket of it gaas op in tal plakken in iepening meitsje fan sa'n 14x14 sm. Freegje it ek oan 'e buorlju en sa makkest in 'stikelbaarch snelwei'. Dan hoege de stikelbargen net mear oer strjitte en komme se net ûnder in auto. Makkest der in moai buordsje of poartsje by?



☐ Is der in fiver, sleat of in djip gat flakby?

Soargje der dan foar dat in stikelbaarch dêr útkomme kin as er der by fersin yn fallen is. Dit kinst dwaan troch in stikelbaarchtrekke te meitsjen en dy yn it wetter of gat te hingjen, sadat de stikelbaarch fan dêrút wei ÚT it wetter of gat klimme kin. Net der YN klimme.

☐ Meie de stikelbargen ek yn 'e tún sliepe?

Binne der plakjes dy't drûch en út 'e wyn binne? Dêr't in stikelbaarch wol yn past, mar in kat net? Oars skafst in stikelbaarchhúske oan, of makkest der sels ien... of fregest in oar om ien te meitsjen. Stikelbargen hâlde fan privacy, dus wat is in rêstich plak?



As it hiel waarm is of as it friest, is der net in soad wetter yn 'e tún. Soargje dus eltse dei foar **in bakje farsk wetter** yn de tún. It leafste ien dy't se net omsmite kinne (want dat dogge se) en dêr't se net sels yn falle kinne.

☐ Is der yn de tún foldwaande iten te finen?

Stikelbargen hâlde dus fan ynsekten. Mar kinst se ek byfuorje. Eltse dei meist in hantsje kattebrokjes mei hinsmaak bûten yn in fuorskaaltsje sette. It leafst op in plakje dêr't it drûch stiet.



☐ Hast foldwaande planten en strûken yn de tún?

Hjir kinne de stikelbargen tusken weikrûpe en lekker trochhinne skarrelje.



IN SOAD WILLE!



Leverje dyn eigen stikelbaarchkleurplaat-
ûntwerp yn foar yn it "Creatieve Egeltjes"
kleurboek www.gewoonleukcreatief.nl



de Klyster

